



## **BELIEDSPLAN 2023 – 2027**

Stichting Frysk Akademyfûns (FAF)  
Doelestraat 8  
8911 DX Leeuwarden  
Tel: 058-2131414  
Email: [faf@fryskakademyfuns.nl](mailto:faf@fryskakademyfuns.nl)  
Webside: <https://www.fryskakademyfuns.nl>

## Ynhâldsopjefte

1. Ynliding
2. Bestjoer
3. Doelstelling FAF en bestimmingsfûnsen
4. Finânsjes
5. Aktiviteiten
6. Belied 2023-2027

## 1. YNLIEDING

By de oprjochting fan de Stichting Frysk Akademyfûns (FAF) op 19 july 1968 hawwe de fjouwer oprjochters elk 25 gûne stoart, omrekene is dit € 45,--. It fermogen fan de stichting is sûnt dy tiid groeid troch skinkingen, erfstellingen en legaten en oare ynkomsten en baten. Dy ynkomsten wiene yn haadsaak rjochte op stipe fan de Stichting Fryske Akademy en bepale dêrmei dus ek de haaddoelstelling fan it fûns. As doelstelling is yn de statuten formulearre: it befoarderjen fan en aktivearjen ta Frysk wittenskiplik wurk yn de wiidste betsjutting. It FAF hat hjirneist it behear fan guon spesifike fûnsen út neilittenskip, te witten:

- it Jacob Krol Fûns (1984) ornearre foar it stypjen fan Frysktalige publikaasjes;
- it Pot Cuperus Fonds (1987), ornearre foar it stypjen fan Frysktalige boeken foar jodde en jongerein;
- it Mr. F. A. Gerbens Fonds (1940/1987) ornearre foar Frysktalige ûndersiken;
- it S.H. Sieperda Fûns ' (2008), oant no ta brûkt foar it beskikber meitsjen fan promoasjeplakken by de Fryske Akademy;
- it A.W. Verdelman Fonds (2020) oarnearre foar ûndersyk nei de fonology fan it Frysk.

It Jacob Krol Fûns, it Pot Cuperusfonds en it Mr. F.A. Gerbens Fonds wurde beheard ûnder de betingst dat dizze fûnsen yn stân holden wurde en op net spekulative wize rintedragend makke wurde. Foar de oare fûnsen jilde sokke betingsten net.

### **ANBI**

It FAF hat de ANBI status, zie <http://www.fryskakademyfuns.nl/>

## 2. BESTJOER

It bestjoer fan it FAF bestiet statutêr út op syn minst fiif leden. By it ûntstean fan fakatueres yn it bestjoer, sille de sittende bestjoersleden sa gau as mooglik mar uterlik binnen twa moanne nei it ûntstean fan de fakatueres in foardracht dwaan foar in nij te beneamen bestjoerslid oan de Rie fan Tafersjoch fan de Fryske Akademy, dy 't beneamt. Wannear 't de beneaming net binnen trije moanne nei it dwaan fan de foardracht dien is, mei neffens de statuten it bestjoer sels de foardroegen persoan beneame. Bestjoersleden wurde beneamd foar fjouwer jier en binne nei ôfrin fan dizze perioade hieltyd werbeneamber. Sy trede ôf neffens in troch it bestjoer opsteld roaster fan ôftreden. Yn tuskentiidske fakatueres beneamde bestjoersleden nimme op dit roaster it plak yn fan de bestjoerders foar wa 't se beneamd binne.

De leden fan it bestjoer krije gjin beëanning foar harren wurksumheden. Hja hawwe wol rjocht op fergoeding fan de kosten dy't troch harren yn it útoefenjen fan harren funksje makke binne.

De gearstalling fan it bestjoer is per 1 juli 2023:

Dhr. Drs. H. ten Hoeve, voorzitter

Dhr. J.W. Petter, secretaris/penningmeester

Dhr. Mr. H. Ph. Breuker

Mevr. F. de Jong-Krap

### 3. DOELSTELLING FAF EN BESTIMMINGSFÛNSEN

#### **Statutêre doelstelling FAF**

De lêste statutewizing datearret fan 5 juny 2007. De doelstelling fan de Stichting is dêrby sa formulearre:

De stifting hat ta doel:

1. It befoarderjen fan en aktivearjen ta Frysk wittenskiplik wurk yn de wiidste betsjutting, dêr ûnder ek te ferstean it befoarderjen fan in ridlike hûsfêsting op it stik fan gebouwen en replik goed fan persoanen en ynstânsjes dy't harren mei dy taken belêstige hawwe en om krekt te wêzen mear yn it bysûnder wat de Stifting Fryske Akademy yn Ljouwert oanbelanget, en fierdersoan al itjinge dat mei it ien en oar streekrocht of sydlings ferbân hâldt of dêrta befoarderlik wêze kin, alles yn de wiidste omfieming fan it wurd.
2. De stifting bestribbet syn doel op wettige wize en om krekt te wêzen troch it jildlik of op oare wize stypjen fan de persoanen en ynstânsjes dy't yn lid 1 bedoeld binne, yn it bysûnder de Stifting Fryske Akademy yn Ljouwert en fierder troch al itjinge dat neffens it betinken fan it bestjoer fan de stifting yn de wiidste omfieming befoarderlik wêze kin foar it stiftingsdoel.

#### **Middels om de doelstelling te ferwezenlikjen**

It FAF set finansjele middels yn om dit doel te ferwezenlikjen. Dit fermogen is foarme troch legaten dy't yn de rin fan 'e tiid oan de stifting Fryske Akademy neilitten binne. Wannear der gjin spesifike betingsten oan ferbûn binne, binne dizze middels opnommen yn it eigen fermogen fan it FAF. Yngefal der wol betingsten oan in neilittenskip ferbûn wienen is der in bestimmingsfûns foarme.

#### **Bestimmingsfûnsen**

It FAF hat de neikommende bestimmingsfûnsen yn behear:

##### ***Jacob Krol Fûns***

De hear Jacob Krol, berne op 23 novimber 1898 en stoarn op 23 augustus 1984, hat syn erfenis bestimd oan de Fryske Akademy. Yn oerlis mei de Fryske Akademy fiert it FAF it behear út, neffens de bepalingen, fêstlein yn it testamint. It saldo fan de neilittenskip moat yn stân holden wurde, en mei op in net spekulative wize rintedragend makke wurde. It oangroeide rintebedrach moat bestege wurde foar de útjefte fan Frysktalige boeken. Yn de boekútjefte moat dat neamd wurde. En it grêf fan de erflietter yn Westermar (op De Jouwer) moat ûnderhâlden wurde en alle jierren moat dit ûnderhâld kontrolearre wurde. De grêfrojochten binne foar ûnbepaalde tiid ôfkocht.

##### ***Pot-Cuperus Fonds***

Op 1 jannewaris 1987 hat FAF it behear krigen oer it Pot-Cuperus Fonds. Dit fûns is ûntstien yn 1963, nei it ferstjerren fan frou Pot-Cuperus. Neffens de neikommende bepalingen wurde de jilden beheard. De haadsom moat as in separaat fûns registrearre wurde. En de fûnsopbringsten moatte bestege wurde oan de útjefte fan Fryske en yn it Frysk oersetten boeken foar de skoalgeande jongerein en foar de jongerein.

##### ***Mr. F.A. Gerbens Fonds***

Op 1 jannewaris 1987 hat FAF it behear fan dit fûns oernaam fan de Fryske Akademy. Dit fûns is yn 1947 begûn mei in startbedrach fan hfl. 2.500, mei ekstra stoartingen fan fl. 200 yn de jierren 1940. De jilden fan dat fûns kinne bestege wurde oan Frysktalige ûndersiken. De bepalingen oangeande it behear fan de jilden is neffens de beide foarneamde fûnsen.

Neist dizze 3 neamde bestimmingsfûnsen dy't yn stân hâlden wurde, binne der 2 bestimmingsfûnsen dêr't gjin betingst foar ynstânhâlding oan ferbûn is.

### **A.W. Verdelman Fonds**

De hear A.W. Verdelman, berne op 14 jannewaris 1939 yn Den Haag en ferstoarn op 19 oktober 2020 yn Zoetermeer, hat FAF in legaat ta grutte fan € 25.000 neilitten.

De legataris hat dit bedrach spesifyk bestimd foar ûndersyk nei de fonology fan it Frysk.

### **Sieperdafûns.**

De heer S. H. Sieperda, berne op 16 jannewaris 1918 yn Assen en ferstoarn op 30 jannewaris 2008 te Den Haag, hat in part fan syn fermogen neilitten oan it FAF. Oan dizze erfenis is gjin inkele betingst ferbûn. Ek net oer de besteging.

It FAF bestjoer hat doedestiids dizze jilden bestimpele as in fûns werfan út de opbringsten promovendi by de de stichting Fryske Akademy mei finansearre wurde kin. Yn de bestjoersgearkomste fan 11 jannewaris 2023 hat it folsleine bestjoer unaniem besletten om de eardere sels opleine beheining te skrassen. Om de erflater rjocht te dwaan bliuwt it registearre ûnder de namme Sieperdafûns.

### **Behear fûnsen**

De earste trije bestinmmingsfûnsen wurde ûnder gelikense betingsten beheard. Jierliks wurde it Jacob Krol Fonds, it Pot-Cuperus Fonds en it Mr. F.A. Gerbens Fonds yndeksearre mei in bedrach berekkene op basis fan de stiging fan it CBS yndekssifer foar de gesinskonsumpsje. De belizzingsresultaten dy 't helle wurde troch FAF wurde taheakke oan de bestimmingsreserve dy 't troch dizze fûnsen foarme is.

De twa oare fûnsen hoege net yn stân hâlden te wurden.

## **4. FINANSJES**

### **Fermogen**

It fermogen fan it FAF wurdt yn oerienstimming mei de statuten foarme troch skinkingen, erfstellingen en legaten en alle oare ynkomsten en baten.

### **Jierstikken**

De jierstikken wurde binnen seis moanne nei ôfrin fan it boekjier troch it bestjoer fêststeld. Dizze jierstikken wurde begeliede fan in kontroleverklearring fan in registerakkountant.

De sifers fan FAF wurde meinaam yn de konsolidearre sifers fan de Fryske Akademy. Der is gjin sprake fan in dielnimming yn de sin fan de wet, BW 2 titel 9. , en juridysk sjoen is der gjin ienheid fan bestjoer tusken it FAF en de Fryske Akademy. It bestjoer fan FAF nimt selsstannich besluten oer de tapassing fan de jilden.

### **Ynstânhâldingsplicht**

Nei de krisis by de Fryske Akademy yn 2004 is mei de Provinsje Fryslân yn 2006 ôfpraat dat it FAF, tegearre mei de oarmerke bestimmingsfûnsen en bestimmingsreserves, in frij beskikber fermogensdiel fan € 1.342.812 (op basis fan de jierrekken 2006) yn stân hâldt.

## 5. AKTIVITEITEN

### Kernaktiviteit

De kernaktiviteit fan it FAF is it behearen fan fûnsen. It fermogen fan it fûns kin oan wittenskiplik ûndersyk bestege wurde, of oan oare troch it bestjoer goedkarde doelen, foarsafier 't dy yn oerienstimming binne mei de doelstellingen fan it FAF. Yn dat ramt kin it bestjoer fan it FAF, op grûn fan troch de Stichting Fryske Akademy yntsjinne projektoanfragen subsydzjes jaan oan ekstern (net út de reguliere persoan - en lumpsumsubsydzjes, de saneamde basisfinansiering) finansiere wittenskiplike projekten en de byhearrende personiele kosten by de Fryske Akademy dy 't net of mar foar in part betelle wurde kinne mei subsydzjes fan Ryk, Provinsje of NWO. Ek kinne garantstellings oan de Fryske Akademy jûn wurde om de finansiering fan projekten rûn te krijen. Betingst dêrby is wol dat de Fryske Akademy foar dy projekten sels gjin jilden út de jierlikse basisfinansiering beskikber stelle kin.

It FAF honorearret oanfragen foar nije ûndersyksprojekten troch de Fryske Akademy ûnder de neikommende betingsten:

- de oanfraach giet oer fernijend ûndersyk op it fakgebiet fan de Fryske Akademy.
- de oanfraach giet oer oanfoljende finansiering of matchingsfinansiering wêrtroch 't it oanbelangjende projekt realisearre wurde kin.
- it wurk wurdt by foarkar op lokaasje fan de Fryske Akademy yn Ljouwert útfierd.

Ut de spesifike fûnsen wei kinne troch it bestjoer subsydzjes beskikber steld wurde foar doelen dy 't passe binnen de foar it oanbelangjende fûns (troch de erflietter) fêstleine doelstellings.

## 6. BELIED 2023-2027

### Nije webside

Yn 2023 sil de webside fan FAF fernijd wurde mei as doel om ynformaasje en publyksgerichter te wêzen mei in modernere útstrieling.

De prosedure foar it oanfreegjen fan stipe sil publisearre wurde op de fernijde webside en dêrby sil de mooglikheid jûn wurde oanfragen foar stipe digitaal yn te tsjinjen.

### Prosedure oanfragen 2023-2027

Oanfragen foar stipe wurde allinne troch it FAF bestjoer yn behandeling nommen as de folgjende punten dúdlik oanjûn binne:

- Omskriuwing fan it doel fan de oanfraach;
- In slútende eksploitaasje begrutting wêr't út blykt wat foar oare fûnsen oanskreaun binne;
- In dúdlik en realistyk tiidspaad foar de realisaasje fan it beeage doel;
- Stifting FAF of ien fan de bestimmingsfûnsen sil as subsydzjefjouwer neamd wurde yn de publikaasje.

Taseine bedragen foar publikaasjes kinne pas nei de útjefte, wannear oan de stelde betingsten foldien is, opfrege wurde.

Tasizzingen hawwe in úterste datum. By oerskrieding komt de tasizzing te ferfallen.

Oanfragen kinne sawol troch de Fryske Akademy as troch oare organisaasjes of prive persoanen ynstjinne wurde.

Oanfragen dy't betrekking hawwe op de folgjende bestimmingsfûnsen wer't it FAF it behear oer hat - Jakob Krol, Pot-Cuperus en it Gerbensfûns - kinne takend wurde as de bestimming yn oerienstimming is mei de betingsten dy't foar it fûns jilde.

Oanfragen foar bydragen fanút de fûnsen Verdelman, Sieperda of de algemiene middelen wurde allinne mar takend as it doel wer foar it takend wurdt yn 'e line leit mei it ûndersyksprogramma fan de Fryske Akademy. By twifel hjir oer kin advys frege wurde oan de direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy en of oare saakkundigen.